

Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2023

Deputearre Steaten fan Fryslân,

mei it each op:

kêst 1.3, fjirde lid, fan 'e Algemiene subsydzjeferoardering provinsje Fryslân 2013;

oerwagende dat it yn it ramt fan it Sichtberensakkoart (2022) en de Wet brûken Fryske taal (WBFT 2013) winsklik is om de posysje fan it Frysk troch subsydzje fuort te sterkjen, sadanich dat de sichtberens en it brûken fan 'e Fryske taal yn it iepenbiere libben en 'e publike romte yn Fryslân fergrutte wurdt en dat dêrfoar in nije regeling winsklik is;

BESLUTE:

de **Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal** fêst te stellen:

Kêst 1 Begrypsbepalings

Yn dizze regeling en 'e bepalingen dy't dêrop berêste, wurdt ferstien ûnder

- Asf 2013: Algemiene subsydzjeferoardering provinsje Fryslân 2013.
- Fryske taal en Frysktalich: Wêr't yn dizze subsydzjeregeling praat wurdt oer it Frysk kin ek in Fryske streektaal lêzen wurde.
- LTA 2030: Langetermynaginda 2030. Is it wurkplan fan in yn Fryslân festige bestjoersorgaan mei dêryn in útwurking fan 'e aktiviteiten dy't útfierd wurde sille op grûn fan it fêststelde taalbeliedsplan, mei in tiidpaad oant en mei 2030.
- Taalbeliedsplan: troch de gemeenterie of in oar yn Fryslân festige bestjoersorgaan fêststeld beliedsplan, lykas bedoeld yn 'e WBFT, kêst 5.2, dêr't belied wat de Fryske taal oanbelanget yn útienset wurdt. Yn it beliedsplan wurdt oanjûn hoe't de beskikbere middels ynset wurde sille om 'e doelstellingen oangeande it fersterkjen fan 'e posysje fan 'e Fryske taal te heljen.
- WBFT: Wet brûken Frysk taal fan 2 oktober 2013, hâldende regels oangeande it brûken fan 'e Fryske taal yn it bestjoerlik en yn it rjochtsferkear.

Kêst 2 Doel

It subsydzje hat as doel om 'e sichtberens en it brûken fan 'e Fryske taal yn it iepenbiere libben en 'e publike romte yn Fryslân te fergrutsjen.

Kêst 3 Subsidiabele aktiviteiten

Subsydzje kin foar de neikommende aktiviteiten beskikber steld wurde:

- it útfieren fan aktiviteiten dy't fuortkomme út 'e Langetermynaginda 2030;
- aktiviteiten dy't de sichtberens en it hearren fan 'e Fryske taal struktureel en foar langere tiid yn 'e Fryske mienskip oanwiisber fergrutsje en dêrmei de posysje fan dy taal ferstevigje;
- it ûntwikkeljen fan oarspronklike Frysktalige kommunikaasjemiddels, ornearre foar it publyk;
- it oersetten fan besteande kommunikaasjemiddels dy't op it publyk rjochte binne, nei de Fryske taal.

Kêst 4 Doelgroep

- Subsydzje foar de aktiviteiten lykas bedoeld yn kêst 3, ûnder a, wurdt inkeld en allinne beskikber steld oan yn 'e provinsje Fryslân festige bestjoersorganen dy't net ûnder de sintrale oerheid falle.
- Subsydzje foar de aktiviteiten lykas bedoeld yn kêst 3, ûnder b oant en mei d, wurdt inkeld en allinne beskikber steld oan in ûndernimming, stifting of in feriening mei folslein rjochtsfoech, dy't yn Fryslân kantoar hâldt of de provinsje Fryslân as wurkgebiet hat.

Kêst 5. Iepenstellingsbeslút

- Deputearre Steaten kinne iepenstellingsbesluten fêststellen.
- It iepenstellingsbeslút beskriuwt it subsydzjeplafond en in oanfraach perioade.
- Deputearre Steaten kinne yn it iepenstellingsbeslút ek regelje dat:
 - oare aktiviteiten subsidiearre wurde kinne;
 - it yntsjinjen van oanfragen oars kin;
 - oare kosten subsidiabel wêze.

4. Subsydzje-oanfragen wurde wegere as dy ynkommen binne bûten in perioade dêr't Deputearre Steaten in subsydzjeplafond foar fêststeld hawwe.

Kêst 6. Oanfraach

In oanfraach foar subsydzje wurdt yntsjinne troch it brûken fan in oanfraachformulier dêr't troch Deputearre Steaten fêststeld is.

Kêst 7 Ferdielsystematyk

1. Subsydzje wurdt ferparte yn folchoarder fan datum fan ynkommen fan 'e subsydzje-oanfragen. Dêrby jildt dat de datum fan ynkommen de datum is dat de oanfraach folslein is.
2. Foarsafier't troch it beskikber stellen fan subsydzje foar folsleine oanfragen dy't op deselde dei ynkommen binne, it subsydzjeplafond trochbrutsen wurdt, wurdt de ûnderlinge oardering fan dy oanfragen troch lotsjen fêststeld.

Kêst 8 Hifkingskritearia

Om foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen, moat in oanfraach nei it oardiel fan Deputearre Steaten foldwaan oan 'e neikommende kritearia:

- a. foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 3, ûnder a, jildt dat de aktiviteit bydrage moat oan:
 - 1° gruttere sichtberens of brûken fan it Frysk; en
 - 2° it útfieren fan 'e LTA 2030 fan in oerheid dy't as bestoersorgaan hâlden is oan 'e WBFT, sa as beskreaun yn it troch gemeenterie of kolleezje fan B&W fêststeld wurkplan dat dêrta yntsjinne is by de provinsje;
- b. foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 3, ûnder b oant en mei d, jildt dat de aktiviteit bydrage moat oan 'e beliedsdoelstellings fan 'e provinsje en liede moat ta mear en gruttere sichtberens of brûken fan it Frysk;
- c. de aktiviteit moat bedoeld wêze foar publyk tagonklike romten, tsjinsten of ynformaasje;
- d. de aktiviteit mei net subsidiabel wêze binnen paragraaf 2.1 Frysktalige literatuer of paragraaf 2.2. Oersetten en bewurkjen fan literatuer fan 'e Subsydzjeregelning kultuer en mienskip Fryslân.

Kêst 9 Wegeringsgrûnen

In subsydzje wurdt yn alle gefallen wegere as:

- a. de oanreger net yn 'e doelgroep fan 'e regeling falt;
- b. de aktiviteit net foldocht oan ien of mear fan 'e hifkingskritearia, lykas bedoeld yn kêst 8;
- c. foar deselde aktiviteit, dêr't subsydzje foar oanfrege is, al earder in subsydzje troch de provinsje Fryslân of in oare ynstânsje beskikber steld is;
- d. in oanfraach bûten de oanfraachperioade, lykas neamd yn kêst 5, ûntfongen wurdt;
- e. de oanfraach foar de frege kostesubsydzje net of ûnfoldwaande foarsjoen is fan in spesifisearre projektbegutting.

Kêst 10 Subsidiabele kosten en hichte fan it subsydzje

1. Foarsafier't it needsaaklik en gaadlik is, komme alle kosten foar subsydzje yn 'e beneaming, útsein de kosten dy't yn kêst 11 neamd wurde.
2. Foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 3, ûnder a, bedraacht de hichte fan it subsydzje maksimaal 80% fan 'e subsidiabele kosten mei in minimum fan € 2.500,- en in maksimum fan € 10.000,-.
3. Foar de aktiviteit, bedoeld yn kêst 3, ûnder b of c bedraacht de hichte fan it subsydzje maksimaal 80% fan 'e subsidiabele kosten, mei in minimum fan € 2.500,- en in maksimum fan € 5.000,-.
4. Oars as yn it twadde of tredde lid bedraacht de hichte fan it subsydzje foar de aktiviteit lykas bedoeld yn kêst 3, ûnder d, € 0,20 it wurd, mei in minimum fan € 500,- en in maksimum fan € 1000,-.

Kêst 11 Net-subsidiabele kosten

Mei behâld fan wat yn kêst 1.10 fan 'e Asf 2013 stiet, komme de neikommende kosten net foar subsydzje yn 'e beneaming:

- a. kosten foar it ûntwikkeljen en ûnderhâlden fan in webside, software of oare digitale kommunikaasjemiddels sûnder dat it brûken fan 'e Fryske taal fersterke of ferbettere wurdt;
- b. reis- of ferbliuwskosten.

Kêst 12 Ferplichtings fan 'e subsydzjeûntfanger

1. De aktiviteiten, lykas bedoeld yn kêst 3, moatte binnen tolve moannen neidat it subsydzje ferliend is, útfierd wurde.
2. Oan 'e subsydzjeûntfanger kinne by it beskikber stellen fan it subsydzje ferplichtings oangeande de fersprieding en it berik fan it kommunikaasjemiddel oplein wurde.

3. As it subsidyzje ferbân hâldt mei in aktiviteit lykas bedoeld yn kêst 3, ûnderdiel b of d, dan wurdt oan 'e subsidyzjeûntfanger yn alle gefallen de ferplichting oplein dat it kommunikaasjemiddel op syn minst foar de oarspronklike doelgroep sichtber wêze moat, salang't it ûnderwerp dêr't it ferbân mei hâldt, aktueel is.
4. As it subsidyzje slacht op in aktiviteit lykas bedoeld yn kêst 3, ûnderdiel d, wurdt oan 'e subsidyzjeûntfanger yn alle gefallen de ferplichting oplein dat it materiaal op syn minst twa jier nei de beskikking ta fêststelling fan it subsidyzje yn stân hâlden wurde moat.
5. De teksten oerset te litten troch in oersetter dy't betûft is yn it Frysk, of kontrolearje te litten troch in Oerset buro sa as neamd op [Oersetburo's](#) » [Afûk \(afuk.frl\)](#) om der yn alle gefallen foar te soargjen dat de teksten yn geef Frysk en sûnder skriuwflaters te lêzen binne.

Kêst 13 Prestaasjeferantwurdig

1. It subsidyzje wurdt direkt fêststeld en yn ien kear útbetelle.
2. De subsidyzjeûntfanger lit, as dêrom frege wurdt, nei in yn 'e beskikking neamde termyn sjen dat de oersetaktiviteit dêr't subsidyzje foar beskikber steld is, útfierd is troch it tastjoeren fan it oerset kommunikaasjemiddel of in ferwizing nei it digitale fynplak fan it oerset middel, en hoe't foldien is oan 'e ferplichtings dy't mei it fêststellen fan it subsidyzje anneks binne.
3. As it subsidyzje beskikber steld is foar oare saken as oersetaktiviteiten, dan moat de yn in twadde lid bedoelde ferantwurdig mei it tastjoeren fan yn 'e beskikking neamde stikken stal krije.

Kêst 5.1 Oergongsrjocht

1. De Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal fan foargeande iepenstelling wurdt ynlutsen.
2. Subsydzjes út de foargeande iepenstelling wurde ôfreckene neffens de bepalings út de subsidyzjeregeling wêrûnder't sy beskikber steld binne.

Kêst 5.2 It yngean

Dizze regeling giet yn mei yngong fan de dei nei de datum fan útjefte fan it Provinciaal Blad dêr't sy yn pleatst wurdt. Foar safier't it buorkundich meitsjen fan dit beslút nei 1 maart 2023 syn beslach krijt, wurket it werom oant 1 maart 2023.

Kêst 5.3 Siteartitel

Dizze regeling wurdt oanhelle as: Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2023.

Sa fêststeld yn de gearkomste fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 7 febrewaris 2021,

foarsitter, drs. A.A.M. Brok,

secretaris, A. Schepers, Msc.

Taljochting

Kêst 1 Begrypsbepalings, ûnder c Langetermynaginda 2030

De Wet Brûken Fryske Taal fan 2 oktober 2013 freget fan bestjoersorganen yn 'e provinsje Fryslân dy't gjin diel útmeitsje fan 'e sintrale oerheid, dat sy regels en in beliedsplan opstelle oangeande de Fryske taal. Dat is subsidiearre ûnder de subsidyzjeregeling Mei-inoar foar it Frysk. No jouwe de Fryske bestjoersorganen in konkreet ferfolch dêroan, troch oan 'e beliedsplannen in Wurkplan te keppeljen yn 'e foarm fan in Lange Termyn-aginda 2030. Yn 'e wurkplannen binne aktiviteiten opnommen dy't útfierd wurde om stal te jaan oan it fêststelde taalbelied, mei in rintiid oant en mei 2030.

Kêst 4 Doelgroep

Earste lid: ûnder de doelgroep falle de yn 'e provinsje Fryslân festige bestjoersorganen dy't net ûnder de sintrale oerheid falle. Dy beheining is ûntliend oan 'e Wet Brûken Fryske Taal fan 2 oktober 2013. De FUMO en Feilichheidsregio Fryslân binne iepenbiere lichems op grûn fan 'e Wet Mienskiplike Regeling en falle dêrmei ek ûnder dizze doelgroep.

Kêst 11 Net-subsidiabele kosten

Mei dizze regeling wol de provinsje it brûken fan 'e Fryske taal stimulearje. As soks fia in digitaal ynstrumint dien wurdt, kin dat, foarsafier't it in digitaal produkt oanbelanget dat alhielendal op dy doelstelling – it stimulearjen fan it Frysk – rjochte is, bygelyks mei taalhelpmiddels. In foarbyld dêrfan is in app as "Praat mar Frysk" fan 'e Afûk. Foar kommunikaasjemiddels dy't in breder doel hawwe en neist it Frysk ek yn oare talen beskikber binne, draacht de provinsje by, foarsafier't it oersetkosten of oare kosten oanbelanget, dy't mei de Fryske taal te krijen hawwe. Kosten foar de technyske ûntwikkeling fan apps of websiden en it ûnderhâld dêrfan binne net subsidiabel.